



SNEIN-DEI BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE Wurdum Fr e.o. Snein 06 maaie 2012

Tsjinst fan de foarberiding



De âlderling fan tsjinst hjit ús fan herte wolkom. Dat docht hy foar de loana-gongers, die juster werom kamen, yn it Ingels.

Wy sjonge dêrnei

it wolkslied ps 98: 1 en 2

"Zing een nieuw lied voor God den Heere"

Gebed om ûntferming

Wy bidde foar de soargen en fertriet dat der libbet bei de minsken. Foar de soargen en it fertriet fan de minsken we it oarlog is.



Safolle machten die de baas wêze wolle oer oaren.
Heer ûntfermje Jo.

Wy sjonge gez. 199 *"De toekomst van de Heer is daar"*

Tsjinst fan de skriften

Gebed: By Jo kinne wy skuolje, better dan ûnder ús eigen wiisheit.
Iepenje ús hert en ferstân foar wat Jo ús te sizzen hawwe. .

Wy lêze Deut.4: 32-40 oer de ynhâld en de geboaden fan God.

Wy sjonge gez.305 *"Waar God de Heer zijn schreden zet"*

De twade lêzing is Handelingen 6 oer de oanstelling fan sawn wiize mannen in de gemeente.

Wy sjonge gez. 250 *"Kom, Heilige Geest, Gij vogel Gods"*.

Preek mei as thema: "Fol fande Hillige Geast".

De foargonger liet de preekstoel foar wat die wie en gie, om it sa mar te sizzen, tusken ús yn stean en al rinnende wei die hy syn preek.

Yn de eerste gemeente wie d'r minsken die oan joegen dat sy der net bei hearden. Dat waard foarlein oan de lieders fan de gemeente. En omdat de lieders al tige drok wiene mei it preekjen, útlizzen en tal fan geastelike saken waarden sawn wyze mannen (doe noch gjin froulju) oan steld. Wy neam dat no ambtsdragers. Dat moasten minsken wêze die oan twa easken foldiene.

1^e It moasten wize minsken wêze.

2^e Sy moasten fol wêze fan de Hillige Geast.

Wize minksken binnen ek festannige minsken. Minsken werfan wy oanfiele dat sy it goed miene. Sy soargje foar ienheid en frede. Minsken wêrfan wy wol witte dat sy goed adfys jaan kinne.

Fol fan de Hillige Geast. Dat kinne je sjen oan de wurden en dieden. Sy helpe mei om de goede wei te fynen. Minsken die helpe om ta geloof te kommen mar dat hoeft der net sa 'op' te lizzen. De foargonger fertelt oer twa âldere gemeentelden die yn it doarp njonken Lollum wenje. Eltse neie ynwenner sykje se op om dag te sizzen en út te noegjen in kear mei te gean net tsjerke. Dat lukt harren hast altiid. In tal fan dizze minsken komme noch yn tsjerke. En komme sy net dan is dat fansel gjin punt. Tige wichtige minsken fol fan de Hillige Geast.





Mar de wichtigste fraag is fansel; doare wy sels sokke minsken te wêzen?
Amen

Nei in stilte en prachtige oargelmusyk sjonge wy gez.437: "*Vernieuw Gij mij, o eeuwig Licht!*".



Tsjinst fan it dielen

De blommen geane hjoed nei frou de Ruiter út Wytgaard.
Ek waard in tal minsken freege hoe it yn Iona wie. It wie oan har te hearen dat it tige



bysûnder west wie.

1^e Kollekte: Foar de nije tsjerke yn Nieuw Vennepe
2^e Kollekte: Eigen tsjerke.



Tankgebed- foarbeden- stil gebed.

Der waard tanke foar de Geast en de leafdefolle krêft foar minsken die op harren paad holpen wurde. Foar alle minsken die siik binne of fertriet hawwe. Nei in stil gebed slute wy ó mei it: "Us Heit"

Slotlied en Seine



As slotlied sjonge wy gez. 252: 1 en 2: "*Wat zijn de goede vruchten, die groeien aan de Geest?*"

Dêrnei wurde wy mei de Seine de wrâld yn stjoerd.

Nei de tsjinst songen wy it 1^e en 6^e fers fan it Wilhelmus.

It wie ek no wer in prachtige tsjinst wer wy mei in kop kofje, thé mei wat der bei noch goed oer neipraat hawwe!



Meiwurkers

Foargonger	ds.L.H.Westra fan Lollum & Waaksens
Oargeliste	Klaske Deinum
Koster	Wiebe Brouwer
Âderlingen	Dick Wijbenga en Simon Turkstra
Diakens	Hinke Meindersma en Gjalt Lindeboom
Blommen	Gina Turkstra